

Yn 'e pet en op nei hûs

09-07-2011 FD

Non-fictie

troch Yvonne Dijkstra

Aaaisykje, it bliuwt altyd wer oars, altyd wer nij. Mar dizze aaien ha ik en se komme yn 'e pet en op nei hûs.' Dat sitaat op side 40 út *De aaisiker* fan fjildman Gjalt de Groot, is eins in gearfetting fan it hiele boek. De skriuwer sette sels útein mei aaisykjen doe't er noch mar in jongbaas wie. Letter waard er aktyf yn it aaisikerswrâldsje as foarsitter fan de BFVW en sûnt er net mear wurket, is er poldermûnder en greidefûgelbeskermer. In wiere fjildman dus, fan wa't we al earder lêze koene oer it fjildlibben yn *De jonge aaisiker* fan Luctor et Emergo en *It Swets-hok - ferhalen fan in fjildman*.

Ek *De aaisiker* spilet him wer yn it fjild ôf en der wurdt omraak aaien socht. De Groot fertelt oer syn strúntochten mei syn maat Reinder, de aaisikersreiskes mei de aaisikersklub en ferskillende earste aaien dy't oanbean wurde oan de moarns út it bêd wei belle boargemasters.

Men soe it langtrieddich fine kinne - de beskriuwingen binne detaillearre en faaks net altyd nijsgjirrich foar in bûtensteander - as De Groot net sa'n linige en noflikke wize fan skriuwen hie. Hy is it type omke dy't op in famyljefeest sa smaaklik oer syn postsegel-samling fertelt, dat eltsenien



Foto: Wikipedia

harkjen bliuwt, ek al liket it net sa'n spannend ûnderwerp.

Sels haw ik net sa'n soad mei aaisykjen, sterker noch: ik wit der neat fanôf. Mar sels dan - of leaver: krekt dan - is it gjin straf om dit boek te lêzen. Ik learde bygelyks dat de wiere ljipaaisiker aaien fine kin troch 'op 'e hij te sykjen'. Ik nim oan dat dat betsjut dat

je besjogge wat it mantsje docht, want in ferklearring foar dizze siswize wurdt net jûn en dat bart faker as ien kear: De Groot giet der blykber fan út dat syn lêzers aardich wat foarkennis hawwe. Mar fan it fenomeen aaisikersklubs hie ik noch nea heard, en de ôfkoarting BFVW liet ek net daalk in beltsje rinkelje, mar fanôf no sil ik nea wer

ferjitte dat de leden fan de Dearsumer aaisikerklub 'De âld hij' 'warkeweet!' roppe as hja in aai fine.

De aaisikersanekdoates binne min ofte mear ophongen oan 'e libbensrin fan De Groot. It ferhaal begjint yn De Groot syn jongestiid en rint oant it stuit dat de húshâlding, ûndertusken mei fiif bern yn it sok, ferfart nei in bargebuor-

kerij ûnder Holwert. Dat jout in moaie struktuer.

Meidat de anekdoates yn 'e tiid pleatst binne, wurdt der in aardich tiidsbyld jûn fan it

Der wurdt in
aardich tiidsbyld
jûn fan it
aaisykjen yn
Fryslân

aaisykjen yn Fryslân. Sa docht bliken - ik wist dat net, jo mis-kien wol - dat der yn 1969 al sprake wie fan in ferbod op aaisykjen. Yn dat jier kaam der sels in professor út Wageningen nei in gearkomste fan de fûgelwacht om wat te sizzen oer it Fryske ljipaaisykjen. Ek âld-kommissaris fan de keninginne Hans Wiegel, dy't yn syn tiid it aaisykjen tagedien wie, figurearret noch efkes yn it ferhaal as er mei De Groot te ljipaaisykjen mei. Alles by elkoar: in sympatyk boek.

Gjalt de Groot. De aaisiker. Bornmeer, 15 euro

